

Sjueryrapport Rink van de Veldepriis 2022



*Sjoukje en Leo Popma op de Feanhoopster brêge.
Lofts fan har de sjueryleden Ale S. van Zandbergen, Marijke de Boer en Gerrit Breteler, rjochts
boargemaster fan Smellingerlân Jan Rijpstra en keunstners Anne en Roelie Woudwijk.*

(Foto Sieta Stel)

Sjueryrapport Rink van de Veldepriis 2022

'Krijst it net kado'

De twajierlikse Rink van der Veldepriis is foar de skriuwer fan it bêste boek dat yn it Frysk of yn ien fan de streektalen yn Fryslân skreaun is, yn ien fan de sjenres dy't Rink van der Velde beoefene, nammentlik de roman, de novelle en it koarte ferhaal. Dit jier is in jubileum: de priis wurdt foar de tsiende kear útrikt.

De priis giet nei Leo Popma, skriuwer fan it boek *It sket fan Toussaint*, yn 2020 ferskynd by útjouwerij Frysk en Frij. Fan herte lokwinske!

Sa mear oer it winnende boek, earst wat sifers en wat wurden oer it sjuerywurk.

We krigen 16 boeken te lêzen, dy't yn 2020 en 2021 útkamen. Om dat yn perspektyf te setten: by de priis fan twa jier lyn gie it om 21 boeken, yn 2018 wie dat 26 en yn 2016 wienen dat der 25. Ferskynt der minder wurk? Oan de produksje fan Willem Tjerkstra kin it net lizze; syn Fryske Odyssee bestiet ûnderwilens al út 25 titels. Al sieten syn boeken net by de oanlevere titels. Hat it mei corona te krijen? It djoerder wurdende papier? Doare útjouwers it minder oan om te publisearjen? Binne der miskien minder Fryske skriuwers? Of is it betingst dat eardere winners net wer yn de beneaming komme kinne in beheining foar it oantal titels? Fragen dêr't we hjir no net de antwurden op fine.

Hoe dan ek: de sjuery hat mei niget de risping lêzen. In grut ferskaat, fan mar leafst sân Fryske útjouwerijen. Fan 98 oant 458 siden. Fan in boekewikegeskink oant in debút en fan in moderne fúljeton oant in detektive en meislepende ferhalen oer ûnder oare Jappy, Linte, Ate, Xenia en Doutsen. Fan ien skriuwer wienen mar leafst twa titels.

It gie oer sechtich pûn iel yn in fûke by Gjalt de Groot, oer de analoge damklok by Sipke de Schiffart, oer kabouters by Catharina Lautenbach en oer de duvel by Sjoerd Bottema. We hawwe lake om de hûnen fan Barry Hay by Freddie Scheltema en by Sipke de Schiffart wienen we rekke troch de hurdheid fan boer Heslinga dy't syn soan útsegenet.

Wêr ha we as sjuery nei sjoen?

Fansels ha we sjoen oft it boek ús meinaam, op in oare wize sjen liet, oft we fan de taal genietsje koenen. We binne net ta nominaasjes kaam, sa't binnen de regleminten wol mooglik is. We hienen geregeld wol wat oan te merken. Wie it de iene kear te klisjee, foarsisber en tefolle ynfolle, in oare kear wie it wer te wiidweidich, te tafallich en útlizzerich. En guon boeken ferlearen ús om't trochlêzen te bot in ynspanning waard, in ynspanning sûnder beleaning.

Wêr giet it priiswinnende boek oer?

Tilma Jager komt werom nei it doarp W., dêr't se trettjin jier lyn wei flechte. Se hat yn de finzenis sitten foar drugsmokkel en útfanhuzet no by har heit. Yn it doarp hat se geregeld kontakt mei Aaf Leenes, in âldere frou mei fantoompine fanwegen in amputearde skonk. Se betinkt allerhanne projekten om de minsken yn it krimpdoarp, BlierCity neamd, dwaande te hâlden, lykas it OeDe-projekt, de ûnnoadige dyk, dêr't it asfalt út giet. Beide froulju kinne it goed mei elkoar fine. En dan is der ek noch Tilma har heit, Rochus, dy't syn bedriuw kwytrekke mei de tongblierkrisis. En it ferline fan Tilma dy't har broer Wiger kwytrekke en seksueel misbrûkt waard. En ek de Surinamer dy't Tilma yn de smokkelbusiness behelle, lit har net gewurde. En dan binne der noch de minsken fan ôfhelppunt Spar&Wâld, in pistoal, in Impala, de pleats Lyts Sion, fansels de keet en noch folle mear.

Wat makket Popma syn boek ta it winnende boek?

It ferhaal springt hinne en wer yn de tiid en ek de persektiven wikselje. Bytsje by bytsje krijt de lêzer yngong ta it ferhaal. En bliuwt soms ek mei fragen sitten. Is dat slim? Nee, want dêrfoaroer nimt it byldzjende taalgebrûk de lêzer mei, as dy de tiid nimt om it yn him of har op te nimmen.

In pear foarbylden:

-As er ris by har wie yn Amsterdam wie dat inkeld wol fallen, 'myn wurk'. In wurd as in slachboom foar in terrein dêr't hy gjin tagong hie, en dêr't fragen, as er dy al stelde, oan hingjen bleaune as foppen yn 'e wyn. (s. 70.)

-Dan hearde se de do op 'e naal, it krassen fan syn neilen op 'e pannen, syn mannelike rop oer de buorren. It iennichste skepsel dat alarm sloech. (s. 122)

-Frijheid is gjin eigenskip, it is de krappe romte tusken de regels fan it spul. Dêr meist dy tjirgje, dêr moast leare boppe dyn ferbylding en foaroardielen út te kommen. (s. 102)

-Minsken tinke dat âlderdom in simmerpark is mei leanen fan ynsicht en fivers fan ferdraachsumens. (s. 147)

It binne dizze teksten dy't it boek ryk meitsje... en it lêzen ta in geniet. Noch in pear koartere foarbylden:

-It ferline is te fier om derby te kinnen, en te farsk om oer te begjinnen. (s. 19)

-De bleke kjeld fan in fiskwinkel slacht har temjitte. (s. 31)

-Yn in hagel fan gedachten panderet er troch it lân. (s. 44)

-Aloan leit it grom fan it ferline op 'e boaiem fan har gedachten. (s. 75)

En Popma ken syn klassikers:

- yn it boek ferwiist er bygelyks nei de Dútske skriuwer Brecht (nei safolle jier gong it algemien belang foar de moraal),

- in ferwizing nei in skilderij fan de Italiaanske keunstner De Chirico... it skilderij mei "it fûle ljocht, de blauwe loft, de lispeljende peppels en de stilte."

It is in boek om meardere kearen te lêzen, om te genietsjen fan de styl en ek om fet op it ferhaal te krijen. As lêzer moast de kop derby hâlde, dochs bliuwst trochlêzen. Oft it ek foar in breed publyk is, sa't ien fan de betingsten is, witte we net rjocht. We sizze: nim de muoite. Lykas de titel fan dit rapport al oanjout: 'Krijst it net kado.' En dat is krekt ek it nijsgjirrige oan it boek fan Popma.

Nei al dizze priizgjende wurden wolle we noch wol in krityske opmerking meitsje. Dy giet oer de fersoarging. It foel ús op dat der geregeld letters misse yn wurden, dat de stavering net altyd yn oarder is en dat wurden oan de ein fan de regel geregeld ferkeard ôfbrutsen binne. Spitigernôch liedt soks wolris ôf fan de ynhâld. En dat ha we by meardere boeken sjoen.

Ale S. van Zandbergen
Gerrit Breteler
Marijke de Boer

Taheakke

List mei troch de útjouwers oanlevere boeken:

1. Jetske Bilker: *Spegel en sonde*
2. I.E. Bloem: *Eudaimoania*
3. Jehannes Boorsma: *It sit sa*
4. Sjoerd Bottema: *De grize oer de grouwe*
5. Meindert Bylsma: *Moard yn tsjerke*
6. Gjalt de Groot: *We strûpe derûnder!*
7. Hein Jaap Hilarides: *Beppe Xenia*
8. Ferdinand de Jong: *De museummoard*
9. Catharina Lautenbach: *Fûgels yn ús*
10. Jikke Olivier: *Hertsear*
11. Jikke Olivier: *In soarte fan brekken*
12. Leo Popma: *It sket fan Toussaint*
13. Klaas Rusticus: *Linte Ruardi*
14. Freddie Scheltema: *It Frysk is dea en oare fleurige ferhalen*
15. Sipke de Schiffart: *Sjappy*
16. Elske Schotanus: *De raven*
17. Hilda Talsma: *Lockdownleafde*
18. Geart Tigchelaar: *OM*

PS: De boeken *Eudaimoania* (jeugdboek) en *De museummoard* (fan in eardere winner) foelen yn 't foar ôf en binne net meinommen yn de beoardieling.